


KRYPTOGRAM 233a



Horizontaal

- 1 Fers fan Manke Nelis (10)
- 6 Dy ealman sit wer yn de shit (4)
- 10 Diel fan in katsje dat oan de kaak steld wurdt (6)
- 11 It lêste gat (8)
- 12 It sloof lûkt in swiere sile (4)
- 13 Hja wannelje net út oertsjûging (10)
- 15 Lûke de boeren mei yn de protesten (7)
- 18 Stikje oer in keunstfrucht yn de wetswinkel (7)
- 19 Skynfertoaning fan Ida (3)
- 20 Matinee fan de pakesizzers (7)
- 21 Spylskema (7)
- 24 De ûndergong fan ús jild (10)
- 26 Dat famke is yninte mei in harke (4)
- 27 Jin fermeitsje yn in klaaihokje (8)
- 28 It aard fan in tenoar (6)
- 29 Mantsjehûn (4)
- 30 Artistike kant (10)

Fertikaal:

- 2 Bloedhûn mei in stambeam (7)
- 3 Heechstens de bûtekant (7)
- 4 Molke is goed foar eltsenien (5)
- 5 Kennismakking (11)
- 7 Jout moed oan de skûtsjeskipper (9)
- 8 Fertsjinste fan in fuotbalspits (9)
- 9 Imitearre fratsen (8)
- 14 Hy hat yn wêzen in read mansjet (11)
- 15 Keunst op de camping (9)
- 16 Hja is grinsferlizzend dwaande (9)
- 17 Stim op de telefoan fan toskedokters (8)
- 22 Bedriuwserpakking (7)
- 23 Harmoanyske maat (7)
- 25 Is it progressyf om te golfen? (5)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 30 - 27 - 6 - 25 - 3 - 13 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan **Kryptogram 233a**. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 233a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **20 juny** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekebon t.w.v. €15,-** ferlotte.



Kryptogram 232a:

Plaknamme:

HOARNE

Winner Boekebon:

Saapke Anema, Húns